



SH/33089.01

WIZIGING KARBRIEF

Hjoed, twa maart twatûzen trijeëntweintich, ferskynden foar my, **mr. Shinta Geertje Syarifah de Haan**, notaris te Ljouwert: _____

1. de heer Willem Geert Verf, berne yn Snits op santjin juli njoggentjin hûndert _____ njoggen en fjirtich, trouw, wenjend Foarwei 139, 9104 BW Damwâld; _____
2. mevrouw Reina Greet Kroodsmâ, berne yn Dantumadeel op sechstjin augustus _____ njoggentjin hûndert sân en santich, troud, wenjend De Els 9, 9245 JC Nij Beets, _____ hanneljend as foarsitter en skriuwer fan de feriening **IT SKRIUWERSBOUN**, _____ statutair festige yn Ljouwert, mei adres Boterhoek 1, 8911 DH Leeuwarden, _____ ynskreaun yn it handelsregister ûnder nûmer 40002781, en as sadanich mei it _____ foech om de feriening rjochtsjildich te fertsjinwurdigjen. _____

De komparanten ferklearren: _____

- de feriening is oprjochte op twaentweintich maart njoggentjin hûndert njoggen en _____ sechstich; _____
- it karbrief is lêst oanpast op trettjin septimber twatûzenalve by mr. G.J. van der _____ Hem, doedestiids notaris yn Jorwert; _____
- op ienentweintich april twatûzen twaentweintich (21-04-2022) is in _____ ledegearkomste west, wêrfoar de leden oproppen binne op de wize sa't yn it _____ karbryf foarskreaun is, ûnder mear mei it doel om it karbrief te feroarjen; _____
- op dizze ledegearkomste is rjochtsjildich beslûten om it karbrief te feroarjen op _____ de wize sa't fêstlein wurdt yn dizze akte; _____
- in ôfskrift fan de notulen fan dizze gearkomste wurdt oan dizze akte taheakke. _____

Ta útfiering fan it boppesteande wurdt troch de boppesteande komparanten fêstlein, _____ dat it karbrief mei yngong fan hjoed is as folget: _____

Artikel 1 _____**Namme en doel** _____

1. De feriening hjit it **Skriuwersbûn**, is oprjochte op twaentweintich maart _____ njoggentjin hûndert njoggen en sechstich en fêstige te Ljouwert. _____
2. It Skriuwersbûn, hjirnei te neamen it Bûn, hat as doel it befoarderjen fan de _____ belangen fan de Fryske skriuwers en de skriuwers yn Fryslân. _____
3. It Skriuwersbûn stribbet dit doel nei troch: _____
 - a. it hâlden fan gearkomsten en it organisearjen fan aksjes; _____
 - b. it ferskine litten fan útjeften; _____
 - c. it lizzen en ûnderhâlden fan kontakten mei oare op literêr en kultureel gebiet _____ wurkjende organisaasjes, ynstellings en groepearingen; _____
 - d. alle oare gaadlike middels foar it berikken fan dit doel. _____

Artikel 2. _____**Leden en stipers** _____

1. Lid fan it Skriuwersbûn kinne wurde Fryske skriuwers en skriuwers yn Fryslân, _____ dosinten Frysk, kritisy, publisisten, sjoernalisten, oersetters en oare _____ belangstellenden dy't it mei de literatuer yn Fryslân goed miene. It bestjoer _____ makket út wa't talitten wurdt as lid en wa net. In negatyf beslút kin troch de _____ ledegearkomste omset wurde yn talitting. _____
2. De leden betelje jierliks in kontribúsje dêr't de hichte fan fêststeld wurdt troch de _____ ledegearkomste. _____
3. In lid kin skrast wurde troch it bestjoer as er wegeret syn kontribúsje te beteljen _____ en troch de ledegearkomste as er yngiet tsjin de belangen fan it Skriuwersbûn. _____ Yn it earste gefal is berop mooglik by de ledegearkomste. _____

4. Organisaasjes, groepearingen en persoanen kinne stiper wêze fan it Bûn. _____
5. It lidmaatskip hâldt op: _____
 - a. by it ferstjerren fan it lid; _____
 - b. mei't it lid opseit; _____
 - c. as de feriening it lidmaatskip opseit. Dit kin as in lid net langer foldocht oan de ferplichtings dy't de statuten oan in lid stelle; _____
 - d. troch útsluting. Dit kin allinnich as in lid yn striid mei de statuten, regleminten of besluten fan de feriening hannelet of de feriening beneidielt. _____
6. Mocht in lidmaatskip beëinige wurde, lykas bedoeld yn de punten c en d, dan kin it lid binnen fjouwer wike yn berop gean. Dit berop wurdt behannele troch de ledegearkomste. Oant dy tiid is it lid skorst, allinnich op de ledegearkomste hat hy of sy it rjocht it berop ta te ljochtsjen. _____
7. Wannear't it lidmaatskip yn 'e rin fan it ferieningsjier einiget, bliuwt likegoed de jierlikse bydrage yn syn gehiel stean. _____

Artikel 3

Ledegearkomsten

1. De leden komme gear sa faak as it bestjoer of op syn minst in tsiende part fan de leden soks nedich achtet. In lid of in tal leden dat in berop dwaan wol op dizze lêste mooglikheid, meldt dat mei in skriftlike motivaasje oan it bestjoer. It bestjoer is dan ferplichte om oan alle leden binnen twa wike dizze motivaasje troch te stjoeren, fia elektroanyske of normale post, mei in fermelding fan de redenen wêrom it bestjoer sa'n gearkomste net nedich achtet. De leden wurde fersocht om oan te jaan oft hja sa'n ledegearkomst winskje. As der binnen fjirtjin dagen nei it ferstjoeren fan dizze motivaasje in tsiende part fan de leden oanjûn hat dat sy sa 'n gearkomste belein hawwe wolle, is it bestjoer ferplichte dy gearkomst binnen fjouwer wike te belizzen. _____
2. Op syn minst wurdt ien kear yn it jier in ledegearkomst hâlden. Op dizze gearkomst komme de folgjende ûnderdielen yn alle getallen oan 'e oarder: _____
 - a. It bestjoer docht ferslach fan syn wurk fan it ôfrûne tiidrek. _____
 - b. It finansjele jierferslach wurdt oan de gearkomste foarlein om goedkard te wurden nei't de kaskontrôlekommisje ferslach útbrocht hat. _____
 - c. Ut de leden wurdt in kommisje as bedoeld yn artikel 5 lid 6 beneamd om it folgjend jier de boeken fan de skathâlder te kontrolearjen. _____
 - d. It ynfoljen fan fakatueres. _____
 - e. Foarstellen fan bestjoer of leden dy't op de agenda stean. _____
3. De ledegearkomsten binne tagonklik foar leden en stipers. Gjin tagong hawwe leden of bestjoersleden dy't skorst binne. Oer talitting fan oaren beslist de algemiene gearkomste. _____
4. Elk lid hat in stim. In lid kin syn of har stim ek útbringe litte troch in oar lid dat dêrta skriftlik machtige is. _____
5. Foarsafier't by dizze statuten net oars beoardere is, wurde besluten nommen by absolute mearheid fan útbrochte jildige stimmen. Blanke stimmen wurde as ûnjildich beskôge. _____
6. Stimmingen wurde mûnling en by hânopstekken ôfhannele. De foarsitter hat it rjocht út te meitsjen oft in foarstel skriftlik ôfdien wurde maat. By stimmingen oer persoanen hat elk lid dit rjocht. _____
7. De lieding op gearkomsten is yn hannen fan de foarsitter of, by ôfwêzigens, in oar bestjoerslid. Mochten gjin bestjoersleden foarhannen wêze, dan wiist de gearkomste in foarsitter oan. _____
8. Fan elke ledegearkomst wurde troch de sekretaris notulen opmakke, dy't op de folgjende ledegearkomst bekrêftige en dêrnei troch foarsitter en sekretaris tekene wurde. _____



9. Foar algemiene gearkomsten wurde de leden yntiids (op syn minst sân dagen) — skriftlik of oer de mail útnoege oan 'e hân fan it lederegister. By de útnoeging — wurdt melding makke fan de te behanneljen agindapunten. —

Artikel 4

It bestjoer

1. It bestjoer hat as taak de feriening te bestjoeren en te fertsjintwurdigjen nei bûten — ta. —
2. It bestjoer fan Skriuwersbûn bestiet út op syn meast sân troch de — ledegearkomste keazen persoanen. De funksjes fan foarsitter, twadde foarsitter, — skathâlder en sekretaris wurde troch de leden fan it bestjoer ûnderinoar ferparte. — In bestjoerslid kin mear as ien funksje beklaaie. —
3. De beneaming fan bestjoersleden komt fuort út ien of mear binende — foardrachten. In foardracht kin yntsjinne wurde troch sawol it bestjoer as troch op — syn minst tsien leden. —
4. De bestjoersleden hawwe sit foar trije jier en kinne foar ien kear fuortendaliks op — 'e nij beneamd wurde. Dejinge dy't ta lid beneamd is yn in net troch periodyk — ôfgean iepen kommen plak, giet ôf as dejinge yn waans plak hy/sy beneamd is, — ôfgean moatten hie. —
5. Fakatueres, ûntstien oars as troch periodyk ôfgean, wurdt sa gau as mooglik yn — foarsjoen. Dejinge dy't ta lid beneamd is yn in net troch periodyk ôfgean iepen — kommen plak, giet ôf op it stuit dêr't dejinge yn waans plak hy beneamd is, — ôfgean maast. —
6. It bestjoerslidmaatskip einiget by opsizzen fan it lidmaatskip, as it lid skriftlik — opseit of as de ledegearkomste him of har dien jout. —
7. It bestjoer komt gear sa faak as de foarsitter of op syn minst twa leden fan it — bestjoer soks nedich tinke, mar minimaal fjouwer kear yn it jier. —
8. Fan elke bestjoersgearkomste wurde troch de sekretaris notulen opmakke, dy't — op de folgjende bestjoersgearkomste bekrêftige en dêrnei troch foarsitter en — sekretaris tekene wurde. —
9. Mocht it tal bestjoersleden ûnder de trije utkomme, bliuwt it bestjoer yn funksje. — Der moat dan lykwols sa gau mooglik in ledegearkomste holden wurde om yn de — fakatueres te foarsjen. —
10. It bestjoer kin foar bepaalde wurksumheden aparte kommisjes ynstelle. —

Artikel 5.

Sinteraasje

1. De sinteraasje fan it Skriuwersbûn bestiet út: —
 - a. kontribúsjes en donaasjes; —
 - b. skinkingen, erfskippen en erfmakkingen; —
 - c. subsydzjes en bydragen fan oerheden, ferieningen, ynstellings ensfh.; —
 - d. alle oare baten. —
2. Leden en stipers betelje in jierlikse bydrage. De hichte fan de bydrage fan de — leden wurdt fêststeld troch de ledegearkomste. It is mooglik de leden ûnder te — ferdielen yn kategoryen, wêrby't de hichte fan de bydrage ferskille kin. It bestjoer — hat it foech om in lid fan de bydrage frij te skatten, foar in diel of hielendal. — Stipers kinne sels bepale hoefolle en hoe frekwint hja jild donearie. —
3. It ferieningsjier rint fan ien jannewaris oant en mei ienentritich desimber. —
4. It bestjoer is ferplichte de finansjele situaasje skriftlik by te hâlden, sadanich dat — rjochten en ferplichtingen fuortdaalks dúdlik binne. —
5. It bestjoer bringt binnen seis moanne nei ôfrin fan it ferieningsjier in jierferslach út — oer it fierde belied. De begrutting, balans en finansjele stân fan saken wurde dan — oan de ledegearkomste foarlein om, mits yn oarder befûn, dêrnei goedkard te — wurden. —

6. Op de jiergearkomste wurdt alle jierren út de leden (dy't gjin lid fan it bestjoer wêze meie) in kommisje fan op syn meast trije leden benaamd om de boeken fan de skathâlder te kontrolearjen en hjirfan ferslach út te bringen. It bestjoer is ferplichte alle troch de kommisje opfrege ynformaasje en stikken beskikber te stellen.
7. It bestjoer is ferplichte alle stikken op boekhâldkundich mêd op syn minst sân jier te bewarjen en beskikber te hâlden.

Artikel 6

Fertsjintwurdiging yn en bûten rjochten

1. It bestjoer fertsjintwurdigt it Bûn yn en bûten rjochte. De foarsitter en de sekretaris – of by harren ôfwêzigheid har ferfangers – kinne it Bûn lykwols ek yn en bûten rjochten fertsjintwurdigje. Kwitânsjes foar ynbard jild en it dwaan fan betellingen kin lykwols ek de hantekening fan de skathâlder – of syn ferfanger – foar folstean. By de útfiering fan har plichten litte de bestjoerders har liede troch de belangen fan it Bûn en de dêrmei oansletten organisaasje.
2. It bestjoer is net befoege te besluten ta it oangean fan oerienkomsten foar it krijen, ferfrjemdzjen en beswieren fan registergoederen, en it oangean fan oerienkomsten wêrby't it Bûn him as garant of solidair mei-skuldenaar ynset, in tredde partij garandearret of ûndernimt om feilichheid te stellen foar in skuld fan in oar en om it Bûn te fertsjintwurdigjen oangeande sokke hannelingen.

Artikel 7

Publikaasjes

1. It Bûn stjoert nijsbrieven rûn en makket gebrûk fan in eigen webside.
2. Publikaasjes wurde, foarsafier fan tapassing, tastjoerd oan de leden en de stipers.

Artikel 8

Wizigjen en ûntbinen

1. Besluten om dizze statuten te wizigjen of oan te foljen en om it Bûn te ûntbinen kinne troch de ledegearkomste nommen wurde mei in meartal fan op syn minst twa tredde fan de útbrochte jildige stimmen. De leden hawwe it rjocht de útstelde wizigingen yn 't foar yn te sjen.
2. Wizigingen en oanfolingen meie net stridich wêze mei it doel fan it Bûn; ek meie se gjin feroaring bringe yn ferplichtingen dy't it Bûn op him nommen hat by it oannimmen fan skinkingen en erfmakkingen.
3. Wizige statuten binne earst jildich wannear't se fêstlein binne yn in notariële akte.
4. It Bûn kin allinnich ûntbûn wurde as it syn doel net mear berikke kin. By it ûntbinen fan it Bûn sil oan de eigendommen en besittingen fan it Bûn in bestimming jûn wurde dy't safolle mooglik strykt mei it doel fan it Bûn.
5. De boekhâlding fan de feriening wurdt troch in neier oan te wizen persoan (vereffenaar) bewarre foar de wetlik foarskreaune termyn.

Artikel 9

Regleminten

De ledegearkomste stelt foarsafier't soks nedich is om dizze statuten út te fieren en om it doel fan it Bûn op gaadlike wize te berikken, ien of mear regleminten fêst, dy't neat ynhâlde meie dat stridich is mei dizze statuten.

Slot

De komparanten binne my, notaris, bekend en de identiteit fan de by dizze akte belutsen komparanten is troch my, notaris, oan 'e hân fan de dêrta ornearre dokuminten fêststeld.

Fan ien en oar is dizze akte yn minút passearre te Ljouwert op de mannichste yn it begjin fan dizze akte neamd.



Nei't de saaklike ynhâld fan dizze akte oan de ferskynde persoanen opjûn is, hawwe —
dy ierriedich ferklearre fan de ynhâld fan dizze akte op 'e hichte te wêzen en der gjin —
priis op te stellen dat dy yn syn gehiel foarlêzen wurdt. _____
Dêrnei is dizze akte nei beheind foarlêzen troch de komparanten en my, notaris, _____
ûndertekene. _____

(Volgt handtekening)

UITGEGEVEN VOOR AFSCRIFT

